

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje



© Foto frou Wiersma-Nauta

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

Johannes Paulus Spiering, troud mei Trijntje Harmens Dijkstra, komt om 1825 hinne fanút Drylts as timmerman yn it doarp, op Tsjaerddyk 42, te wenjen. It doarp hat sûnt it ferstjerren fan Edgar Scheltes yn 1783 gjin timmerman mear hân.

Folsgeare is noch mar lyts, der steane op dat stuit seis wenningen yn it doarp. Twa huzen binne yn besit fan'e tsjerke, der is in arbeiderswenning, in timmersaak en fierders binne der noch twa komelkers.

De timmersaak hat te min romte en yn 1836 bout Spiering in hûs mei timmerskuorre op Tsjaerddyk 44. It wurdt boud mei erfpacht op in stik lân dat eigendom is fan'e pastorij, neamd de Baetwe. Op dit perseel is de lettere Garastrjitte oanlein.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje



Tresoar: Eekhof 1850

J.P.Spiering ferstjert yn 1849 en Pieter Willems Twijnstra, in net troude soan fan in slachter út Abbegea, folget him op as timmerman.

Twijnstra kriget safolle wurk, dat hy yn 1853 der in pear timmerfeinten by ha wol sa't op te meitsjen falt út ûndersteande advertinsje yn'e Ljouwerter Krante.

L.C. 20-05-1853

Twee à drie **TIMMERKNECHTEN**, het Timmeren en Metselen geheel of deele verstaande, kunnen dadelijk voor een jaar vast werk bekomen. Vervoege zich in persoon bij **PIETER W. TWIJNSTRA**, Mr. Timmerman Folsgeare.

Twijnstra bout û. o. yn 1864 de nije tsjerke dy't koart dêrnei begjint te fersakjen. (It gefolch is dat de ysjerke ôfbrutsen wurdt en yn 1875 ferfongen wurdt troch de hjoeddeiske tsjerke)

Yn 1871 keapet hy de timmersaak fan Paulus Johannes Spiering út Drylts (de soan fan de timmerman út 1825) en yn 1872 ferkeapet hy de saak oan Auke van der Velde út Easthim.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

De eerst Ondergeteekende door aankoop Eigenaar geworden zijnde der **TIMMER-AFFAIRE** van **PIETER WILLEMS TWIJNSTRA** te Folsgeare, neemt de vrijheid zich beleefd aan te bevelen in alles wat het vak betreft; terwijl de vorige Eigenaar voor het in hem gestelde vertrouwen bedankt, recommandeert hij hiermede tevens zijn Opvolger

Folsgeare, den 12 April 1872.

AUKE W. v. D. VELDE.
P. W. TWIJNSTRA.

LC 16-04-1872



foto argyf Feike van der Velde

Auke van der Velde is de man dy't mei in grut útwreidingsplan yn it doarp begjint. Hy bout yn 1874 de earste sosjale hierwenningen yn Folsgeare. It wie in blok fan fjouwer wenningen, ûnder in punt dak, op it hiem efter de timmersaak.

De tagong nei de hûskes wie oer it hiem fan'e timmersaak fan Auke van der Velde, lâns de opfeart, om it blok hinne, nei de súdkant fan de wenningen. Dat de hûzen stiene mei de efterkant nei de timmersaak ta.

De bûtenste hûskes hiene ien rût oan'e foarkant en de middelste hiene twa ruten. Troch de doar kamen je yn in lytse hal dêr't in treppen nei boppen ta wie. Troch it haltsje kamen je links yn'e keamer, dêr't efteryn twa bedsteden wiene. Efter it

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

haltsje wie rjochts in lyts keukentsje. Boppe wie noch romte foar in sliepkeamer of opslach fan guod.


De bewenners moasten mei elkoar ien wetterput diele dy't foar de hûskes stie. Hjir wie ek de bleek dêr't de wask blikk en drûge wurde koe.

foto Wytske Heida



Twa hûskes stiene krekt boppe de sleat, oan beide kanten fan it blokje wenningen. De sleat oan'e eastkant is der no net mear. Dizze is damme by de bou fan'e nije skoalle. De sleat oan'e de westkant is der no noch wol. Dit is de Folsgeaster opfeart.

Yn 1903 die de tsjerkfâdij in oanfraach by de gemeente foar ynfiering fan it tonnestelsel. Oan'e betellingen út it tsjerkeargyf is te sjen dat dit koart dêrnei ynfierd is. It blokje wenningen stie yn it doarp en omjowing al gau bekend ûnder de namme 't Streekje



Tresoar:
Netteplan kaart 1887

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

De tuskenmuorren fan'e hûskes wiene fan ien stiens metselwurk. Dat it wie benammen by't winter dreech om'e keamer in bytsje waarm te krijen.

Yn'e bûtenste wente oan'e eastkant is noch altyd in lyts rútsje yn'e sydgevel te sjen. Dit rútsje is der spesjaal ynsetten foar in sike mei tuberkuloaze dy't deiljocht nedich hie.

Foar arbeiderswenningen wiene se yn dy tiid tige nijmoadrich en foarútstribjend.

foto Wytske Heida



Verkoop van nieuwe Houtwaren enz. te FOLSGARE.

A. HERINGA, Deurwaarder & Candidaat-Notaris te Sneek, zal op Vrijdag den dertigsten April 1875, 's morgens precies 9 uur, bij boelgoed, tegen dadelijke betaling, verkopen:

Een belangrijke voorraad nieuwe HOUTWAREN enz., hoofdzakelijk bestaande in: greenen en vuren Planken, dito Battings, eiken en ijperen Posten, Ribben, Kolders, Juffers, eiken Paalhout, Hekpalen en Damleggers, Azijnstokken, gladde, gewolfde, gesmoorde en gewone roode Dakpannen, Spijkers, Draadnagels, Bogt- en Haakbanden; voorts Kelder- en Deurkozijnen, Dekriet en Brandhout, alles 's daags vóór den verkoop ter bezigtiging en zeer geschikt ter vervoer zullende liggen bij de Huiszinge van A. W. van der Velde, Mr. Timmerman en Aannemer te Folsgeare, alwaar gegaagdigen zich op bovengemelden dag en uur gelieven te vervoegen.

Auke van der Velde bliuwt net lang, want yn 1875 nimt Gerrit Gerrits Monsma fan Gau de timmersaak oer.

L.C. 23-04-1875

Gerrit Gerrits Monsma hat neat mei de hierwenningen. Yn 1876 komme de wenningen te keap mei "regt van zamenvoeging". De bûtenste wenningen moatte respektivelik fl. 611,- en fl. 599,- opbringe. De tuskenwenningen fl. 555,- en fl. 562,-

L.C. 28-01-1876

Publieke Verkoop VAN Huizen te Folsgeare en Nijland, EN LAND onder Ijsbrechtum en IJtens.

De Notaris TADEMA te Heeg zal, ten verzoeken van den Heer A. HERINGA, Candidaat-Notaris te Sneek, op Dingsdag 8 Februarij 1876, 's nam. 2 uur, bij M. W. Hoekstra, buiten de Noorderpoort te Sneek, finaal verkopen:

- a. Een Huis of 4 Woningen met Bleeken te Folsgeare, in 4 perceelen met regt van zamenvoeging; geboden: perc. 1, de Kamer met Bleek bij de Wed. Canrinus in huur, f 555; perc. 2, de Kamer en Bleek door Sjouke de Vries bewoond, f 611, perc. 3, de Kamer en Bleek door Pietje Boschma bewoond, f 599, en de Kamer en Bleek door A. Smeding bewoond, perc. 4 f 562. Zamen f 2327.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

Gerrit Gerrits Monsma komt yn 1879 te ferstjerren. Der wurdt boelgoed holden op 8 april fan datselde jier.

Timmergereedschap, Materialen, Meubelen, Huisraad, enz.

G. BENTHEM REDDINGIUS, Notaris te IJlst, zal op Vrijdag den 25 April e. k. des morgens 8 uur, ten sterfhuize van G. G. Monsma Jr. te Folsgeare, bij boelgoed, à contant, verkoopen:

1. **Timmergereedschappen en Materialen**, als: 1 groote takel met strop, tooijen, blokken, 3 touwtonnen en aardwinde, 1 kleine dito met diverse tooijen en blokken, 1 complete heistelling, 1 grondboor met stokken, 2 beste handschroeven, 2 dommekrachten, 1 houtwagen, 2 trappen, diverse ladders, 1 draagberrie, eenige kruiwagens, 2 schuifleden, 1 groote en 1 kleine slijpsteen, tikzels, sleijen, 1 nieuwe koekmolen, 2 aadschamnels, groote partij spijkers, haken en banden, steen, paanen, kalk, cement, vuren en groenen planken, gewaterde ijpen- en eichenstammen, eiken posten, en verder alles wat tot eene complete timmeraffaire behoort.

2. **Meubelen en Huisraad enz.**, waaronder: eikenhouten linnenkast, vuren kast met laden, lessenaar, tafels, stoelen, kagchels, bedden met toebehooren, enz.

3. **Eenig Goud en Zilver.**

Yn opdracht fan 'e widdo fan Gerrit Monsma, Antje Willems Alberda, wurdt it hûs mei timmerskuorre en de fjouwer wenningen troch notaris Benthem Reddingius út Drylts ferkocht oan Theunis Morra en Melle Lourens Reitsma, timmerman út Offenwier.

De timmersaak hat dêrnei ferskillende eigners hân.

4 a 5 **TIMMER- en METSELAARS-
KNECHTEN**, een met Boerewerk bekend, kunnen terstond geplaatst worden bij **H. ZWARTS** te Folsgeare.

Op 14 april 1882, set timmerman Zwarts in advertinsje yn 'e LC.

Ut ûndersteand artikel yn 'e LC fan 25-06-1883 docht bliken dat Zwarts dan noch hieltiten timmerman yn Folsgeare is.

— Het bouwen van een nieuwe plaats voor de onlangs afgebrande van den heer S. Lonneman te Franeker is gegund aan den laagsten inschrijver H. Swarts te Folsgeare, voor de som van f 14,100. De begrootingsom was f 14,600.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

Om 1910 hinne wie der yn it pân in timmer- en ferverswinkel. In tredde part fan'e stâl is ôfskieden en docht tsjinst as ferverswinkel. Gerrit Twijnstra wie de timmerman en Jaring Zoethout die mei syn soan Age de ferverswinkel.



foto útjowerij. v.d.Meulen bv Snits

Yn 1923 keapje Feike en Sietske Damstra de saak fan Wybe Zijlstra út Huzum. Sietske is in dochter fan smid Heinsius út it doarp.



Op in foto út dizze tiid is te sjen dat de buorkerij destiids in doar yn'e sydgevel hie.

foto Feike Damstra

As keapman Hein Damstra it transport- en fouraazjebedriuw yn 1939 oernimt fan syn heit Feike, keapet hy de wenningen fan 't Streekje op. De hûskes waarden nei oankeap brûkt as opslachplak foar feefoer.

It pân is noch beswierre mei oerpaad lâns de westkant foar de efterlizzende wenningen en mei ljocht- en lucht skepping fan niisneamde wenningen.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

Teffens mei in jierlikse grûnrinte foar de pastorijs fan Easthim, Abbegea en Folsgeare fan fl. 7.68.

Op 24 maaie 1957 keapet Hein Damstra de grûnrinte, dy't ûnderwilens 10 gûne yn't jier is, ôf fan'e pastorijs fan'e Herfoarme gemeente yn Easthim. De keapsom wie 200 gûne.

De broers Willem en Barteles wurken ek mei yn it bedriuw. Sy brochten de molke fan'e boeren nei it fabryk. Earstoan brûkten se dêrfoar in Dodge frachtwein. Yn'e efterkant fan'e skuorre fan'e buorkerij kaam in grutte doar, dat de wein nei binnen riden wurde koe.

Letter kaam der in Steyr frachtwein op disel. Dizze wie wat langer as de Dodge en paste net yn'e skuorre. Dêrom waard der in útbou oan'e skuorre makke.

foto Feike Damstra



Yn'e oarloch waard yn'e skuorre in bûthús makke foar in pear kij. Bourman slachter Douwe Posthuma hat yn dizze perioade meardere bisten klandestyn slachte.

Yn 1970 keapet Siep van der Velde de buorkerij en de fjouwer hûskes yn ien keap. De buorkerij wie op dat stuit yn twa wenningen ferdield. Oan'e iene kant wenne de widdo fan heit Feike Damstra, Sietske Heinsius. De oare kant wie de wenning fan soan Hein Damstra.



De wenningen wurde ferboud ta garaazjeboksen. De deur yn'e sydgevel waard letter ferwidere.

't Streekje efter de buorkerij noch mei punt dak yn 1972.

foto kolleksje Boeijinga Y

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

Yn 1984 wurdt it puntdak fan'e huzen ferfongen troch in skean ôfrinnend plat dak. By de sloop fan it puntdak die bliken dat in tsjokke laach krantepapier tsjinst dien hat as isolaasje.



foto argyf DB

It pân mei de fjouwer garaazjeboksen wurdt ferrike mei in nammeboerd dêr't de âlde doarpsnamme 't Streekje op stiet. Dit nammeboerd is skildere troch Feike van der Velde en siert it pân sûnt it offisjeel de namme krige.

foto Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje

It grutste riedsel fan 't Streekje is wol it “Folsgeaster hunebed” dat yn’e eardere bleek fan’e wenningen stiet. It iennige dat mei wissens sein wurde kin, is dat út ûndersyk bliken dien hat dat de stiennen fan oarsprong út Frankryk komme .

foto Wylske Heida



foto Atse Bruin

De buorkerij mei dêr efter 't Streekje, no mei in skean dak

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 44 en 't Streekje



De situaasje 2021

foto's Wytske Heida



Colofon

Tekst: Atse Bruin, Wytske Heida

Bewerking: Wytske Heida

Foto's: mevr. Wiersma- Nauta, Feike Damstra, archief Feike van der Velde, Atse Bruin, archief DB Folsgeare, uitg. v.d. Meulen bv Sneek, kolleksje Boeijinga, Wytske Heida

Kaarten: Tresoar

Artikelen en advertenties: LC

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.